



# **DE READE SWETSER**

(Rote eule)

**Blijspul yn trije bedriuwen**

**Fan**

**MARGIT SUEZ**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE READE SWETSER - ROTE EULE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties, Facebook en eventuele andere publicaties de volledige titel(s) en naam van de oorspronkelijke auteur: **MARGIT SUEZ** en vertaler **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © Kohler Verlag - Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% boete worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% boete verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Ewout - in jonge boer.

Veronica - syn ferloofde.

Wilma - syn mem.

Fred - syn maat.

Hannes - Fred syn heit.

Leonie - in famke út de stêd.

Ivo - boerefeint en tûzenpoat.

Rosie - in lichte fûgel.

## **DEKOR:**

De wenkeamer fan in buorkerij. In finster, in keukensdoar en in doar nei de gong.

## EARSTE BEDRIUW

*(Ewout en syn feint Ivo sitte oan de moarnsbrogge. Ewout hat in kater en drinkt kofje. Op de tafel stiet in lege kofjekanne. Ivo skinkt himsels sa no en dan in buorrel yn en wipt dizze dan daliks achteroer. Ewout syn mem, Wilma, foertert wakker omdat Ewout justerjûn de boarden net opromme hat. Se bringt it no sels nei de keuken en rint hieltyd hinne en wer fan de keuken nei de keamer)*

**WILMA:** Wat in bargehok is it hjir! Jim hiene de boarden doch wol even ôfspiele kinnen nei't jim neitafele hiene! No is alles opdrûge en dan bist noch siik wurden ek!

**EWOUT:** *(pynlik gesicht)* Balt net sa mins! Ik bin net siik, ik ha allinne mar in kater.

**IVO:** *(tsjin Ewout)* Ek in buorrel, baas? *(skinkt himsels ien yn)*

**EWOUT:** *(it griist him oan)* At ik al wat ha wol, dan allinne mar in aspiryntsje.

**WILMA:** *(byt him ta)* Ja, dat leau ik graach!

**EWOUT:** Nettsjinsteande alles, ik de kij noch al molken.

**WILMA:** Oan dy kegel fan dy te sjen hast justerjûn mear dien as allinne mar kegelje. Wêr is dyn auto bleaun?

**IVO:** *(nokkert)* Dy hat er ergens stean litten. Rypkema hat him thúsbrocht. *(tsjin Ewout)* Ik ha sjoen hoe't er dy útladen hat, do rôlest út de auto as in sek ierdappels. En doe hast ek noch spul mei him hân. *(gniist tsjin Wilma)* Jo soan hat him mar moai de wierheid sein, frou! Netwier Ewout?

**WILMA:** *(bliuwt foar Ewout stean)* Dêrom hat Rypkema ûntslach nommen! Hy sei dat ik de papieren ynoarder bringe moast.

**IVO:** Dat wie om Veronica. Se ha beide...

**EWOUT:** *(slacht mei de fûst op tafel)* Klep ticht, Ivo!!

**WILMA:** *(ferwitend)* Ha jim spul hân om Veronica? Dat moast der in kear fan komme. En dan te betinken datst al mei har troud wêze kinnen hiest! Dat fanke wachtet al lang op dy! Mar nee hear! Ynstee fan te trouwen, hingest God mei 't witte wêr út!

**IVO:** Yn de stêd. *(nokkert)* Dêr't bepaalde famkes achter bepaalde ruten bepaalde hannelingen dogge.

**EWOUT:** *(stoot oerein en grypt Ivo by de kraach)* Atsto no noch ien kear dy grutte mûle iepen dochst, slaan ik him út syn fatsoen, begrepen?! *(lit him ynienen los, Ivo falt werom yn de stoel)*

**IVO:** *(komt oerein en rint misledige nei de doar)* It is mar al te wier! Rypkema hat it sels sein! *(tsjin Wilma)* Yn "De Reade Swetser" hat er sitten, mei de hiele kegelklup! *(as Ewout driigjend op him ta rint, lûkt*

*Ivo hastich de doar achter him ticht, mar docht dalik de doar wer iepen en harket)*

**WILMA:** *(lilk)* Sa hearre je noch es wat! Skammest dy net, Ewout?! Moai hear, nachts fjochtsje yn dubieuze saken. It hiele doarp wit it aansen en Veronica kin dy ek wol es yn 'e steek litte. Mar ien ding sis ik dy, ik romje noait fan myn leven dyn rotsoai wer op nei dyn nachtlke eskapades!

**EWOUT:** Jo hiene ek neat foar my klear sette hoegd.

**WILMA:** Dit hat ek wol de lêste kear west! It sil tiid wurde datst selsstannich wurdst. Der moat hjir in boerinne oer de flier komme dy't my it wurk út hannen nimt. En dan krijst ek noch spul mei ús bêste arbeider! Do giest der no daliks hinne en seist dat it dy spyt.

**EWOUT:** Ik tink der net oan! Ik lit my net útdaagje! Hy is allinne mar...

**IVO:** ...gek op Veronica! *(nokkert)*

**WILMA:** Do kinst lang sykje foar datst wer sa'n arbeider fynst! En krekt no't wy it smoardrok ha.

**EWOUT:** Dan stekke wy no allegear de hannen mar es út de mouwen, dat kin ek! *(sjocht Ivo lang oan)*

**IVO:** *(begjint ynienen ôfgryslk te hoastjen, hy kloppet himsels op it boarst)* Ik soe graach helpe wolle, baas, mar jo witte it, myn astma! At ik my ien kear te faak bûch, bliuw ik dea lizzen. Ik bin siik! Ik moat noadich in pufke ha!

**WILMA:** *(ropt him nei)* Hast hjoed noch net genôch ynhelearre? *(berget de jeneverflesse op, tsjin Ewout)* Ik soe mar es mei Veronica prate at ik dy wie. Ik ha der gjin sin oan om hjir foar tsjinstfaam te spyljen, ik ha ek noch in priveeleven! *(ôf, Ewout hat de hannen ûnder de holle)*

**FRED:** *(op, hat ek in kater, giet sitten)* Hoi, Ewout, fielsto dy ek sa beroerd?

**EWOUT:** *(wart ôf)* Hasto tafallich myn beurs ek sjoen? Ik kin 'm nergens fine.

**FRED:** Ikke? Hoe komst dêr sa by?

**EWOUT:** It wie mar in fraach. Wy ha allegear yn "De Reade Swetser" sitten en mei dy froulju praat.

**FRED:** Do hiest de beurs by dy, dêr bin ik wis fan. Do hast it Leger des Heils noch fiif euro jûn.

**EWOUT:** Wie ik sa royaal? En doe?

**FRED:** Do wiest noch folle royaler! Do woest Leonie perfoarst hûndert euro jaan, mar sy woe 't net oannimme *(Ivo komt op en giet yn 'e hoeke fan it toaniel sitten en harket nijsgjirrich mei)*

**EWOUT:** Leonie? Wa is dat no wer?

**FRED:** Dat wie ien fan dy froulju, witst wol?

**EWOUT:** *(feralterearre)* En woe ik dy hûndert euro jaan? Wêrfoar eins?

**FRED:** Nergens foar, samar.

**IVO:** Dan moatte jo wol hiel besopen west ha, baas!

**EWOUT:** *(Ewout en Fred draaie har ynienen om en stoareagje him oan)*

Bemuoi dy der net mei! Wat moatst hjir, hast neat better te dwaan?

**IVO:** *(ûnferskillich)* Oh, wis wol, mar dat doch ik leaver net.

**EWOUT:** *(flústert tsjin Fred)* Myn auto is der ek net.

**FRED:** Mar dy ha wy doch... *(ûnderbrekt himsels omdat Ivo ek harket)*  
...stean litten en...

**IVO:** *(nijsgjirrich)* By "De Reade Swetser"?

**FRED:** ...en doe binne we mei de trein gongen.

**IVO:** En doe hat Rypkema jim ophelle. *(tsjin Ewout)* Jo hiene sein dat er jo fan it stasjon helje moast at jo om tolve oere noch net thús wiene.

**EWOUT:** Krispianus!

**IVO:** *(tsjin Fred)* Hast al heard dat Rypkema ûntslach nommen hat en dat Ewout him syn ekskús oanbiede moat?

**EWOUT:** Flauwekul!!

**IVO:** As jo dat net dogge baas, kinne wy de ûngetiid wol ferjitte, dan ha wy te min help!

**EWOUT:** Ferdoarje, ik moat der net oan tinke! Mar ekskús oanbiede, noait! Ik tink der net oan!

**IVO:** At ik net sa syklik wie en net sa âld...

**FRED:** As ik jim no es help?

**EWOUT:** Do?

**FRED:** Oant de ûngetiid dien is. Ik bin klear mei myn wurk. It oargel is al mei de frachtwein ûnderweis en op de saak is it op 't stuit rêstich. Boppedat is ús heit der ek noch.

**IVO:** Oargelbouwer moatte jo wêze!

**EWOUT:** *(haatlik)* Of feint op 'e buorkerij.

**IVO:** *(stridich)* Wat woene jo dêr mei sizze?

**EWOUT:** *(wart ôf, bliid tsjin Fred)* Fred, atst wier helpe wolst, dat soe...  
*(fljocht oerein en slacht Fred op it skouder, mar falt mei in pynlik gesicht werom yn de stoel)*

**IVO:** Dat krije je der fan!

**EWOUT:** Hâld dy der bûten, oansteller! Eins soesto dy ynsette moatte, dan hie Fred ús net helpe hoegd.

**IVO:** Ik bin gjin oansteller! Ik bin siik! *(hoastet)* En as ik my foaroer bûch dan...

**EWOUT:** ...dan bliuwst dea lizzen, ja, ja, ik wit it.

**IVO:** Jo wolle myn dea doch net op jo gewisse ha? *(oerein, hoastet, nei de doar)* It is wer sa fier, hieltyd as ik my drok meitsje. As der no wat gebeurt, is 't jo skuld! *(ôf)*

**EWOUT:** Do kinst hjir salang wol ite en sliepe. Plak genôch. Oars moatst

hieltyd hinne en wer ride.

**FRED:** Goed idee! En oer dy auto hoechst net yn te sitten. Ik moat doch noch nei stêd. Ik wachtsje oant it tsjuster is, dan helje ik 'm op.

**EWOUT:** Dit ferjit ik nooit wer, Fred! Mar wêrom pas as it tsjuster is?

**FRED:** Omdat... (*knypeaget*) ...och do witst wol.

**EWOUT:** (*fernuvere*) Do wolst doch net wer?

**FRED:** Ik wol Leonie freegje oft se dyn beurs ek fûn hat. Nachts gean dy froulju de dyk op, netwier?

**EWOUT:** (*gniist*) Ik begryp it.

**FRED:** Do begrypst it hielendal net! Mar atst dy beurs leaver by "gevonden voorwerpen" opjaan wolst?

**EWOUT:** Dan kinst daliks ek wol yn de krante sette litte dat boer Ewout yn "De Reade Swetser" sitten hat. (*mei klam*) Neat tsjin ús mem sizze oer dy beurs, hear!

**FRED:** Ik swij as it grêf.

**EWOUT:** Al myn jild en de bankpaskes sitte der yn. Hie dy Leonie echt gjin belang by dy hûndert euro?

**FRED:** Nee, dat sei ik ommers? Sy is oars as dy oaren en dat sis ik net fanwege it jild. Se soe ek op in kantoar wurkje kinne bygelyks. Of op in buorkerij.

**EWOUT:** (*gniist*) Of troud wêze kinne mei in oargelbouwer.

**FRED:** Unsin! Ik woe der allinne mar mei sizze dat Leonie in hiel oar berop ha kinne soe.

**EWOUT:** Ik sjoch it al foar my, wat soe ús mem sizze at ik mei sa'n fanke oansetten kaam?

**FRED:** Jim mem komt de lêste dagen faak by ús op besite. Ik bedoel, by ús heit.

**EWOUT:** En hy is faak by ús. Boppedat hat mem dúdlik blike litten dat se ek noch in priveeleven ha wol.

**FRED:** It is wat mei dy âlde minsken.

**EWOUT:** Do wolst doch net sizze... Kom no! Op dy jierren dochst gjin domme dingen mear. Ik moat der net oan tinke dat ik yn de ûngetiid net op har rekkenje kin.

**IVO:** (*op, swait mei de earmen, rint nei it finster*) Der komt besite oan, baas! In hiel moaie dame! (*Ewout en Ivo ek by it finster, se triuwe Ivo oan kant*)

**EWOUT:** Wa is dat no wer?

**FRED:** (*kjel*) Dat kin doch net wier wêze. Ik leau dat ik dream!

**EWOUT:** Fred! Do wurdst hielendal bleek jonge! Kenst har?

**FRED:** (*flústert*) Dat soe 'k sizze. Dat is Leonie!

**EWOUT:** (*kjel*) Dy fan fannacht? En dy komt hjirhinne?? (*tsjin Ivo*) Alder ferskuorrendst! Wêr is ús mem?



**IVO:** Dy soe boadskipje sei se, mei in bytsje gelok is se al fuort. (*hat nocht oan ûnnocht*) Is dat ien fan dy bleate dûnseressen?

**EWOUT:** (*tsjin Fred*) Dy moat dy ha fansels!

**FRED:** Wêrom komt se hjir dan?

**IVO:** (*wriuwt him yn de hannen*) Ik sil har der ynlitte. (*stoot nei de doar*) Dy wol ik wol es fan tichtby besjen.

**EWOUT:** (*hâldt him beet*) Ho do! Do seist neat tsjin ús mem of tsjin Veronica, ferstien!

**IVO:** (*oeral*) Man, dit is myn kâns, begripe jo dat net? (*der wurdt belle, Ewout hâldt no ek Fred tsjin*)

**IVO:** (*driigjend*) At jo my no net loslitte, begjin ik te razen!

**EWOUT:** (*hâldt Ivo de hân foar de mûle, Ivo besiket him los te wrakseljen. Ewout tsjin Fred*) Wy dogge krekt as binne wy net thús. Wy binne op it lân, wa wit wat se fan doel is.

**LEONIE:** (*achter*) Folk! Is der folk yn? (*Ewout wraksellet mei Ivo. Ivo makket mei tomme en wiisfinger meneuvels fan jild*)

**FRED:** (*flústert*) Hy wol jild ha om it stil te swijen!

**EWOUT:** (*driigjend tsjin Ivo*) Do krijst gjin sint! Atsto de mûle iepen dochst... (*Ivo is los, hy stoot nei de doar, ôf*)

**FRED:** (*ek nei de doar*) Ik naai út troch de achterdoar.

**EWOUT:** Moaie freon bisto! Ik miende oars datst noch by har op besite woest.

**FRED:** Ja, mar tink dy no es yn dat ús heit hjir komt, dy soe nei jim mem ta en dan wolle se fansels witte wêr't ik har fan ken!

**EWOUT:** (*flústert*) Te let! Dy idioat hat har der ynritten.

**LEONIE:** (*op mei Ivo, se ken Ewout en Fred noch, se rint glimkjend nei harren ta en stekt de hân út*) Hoi! (*sjocht om har hinne*) No dan, dus, hjir wenje jim! (*Ewout en Fred binne kjel wurden en witte net goed wat se sizze moatte, mar Ivo hat de saak ûnder kontrôle. Hy rint om Leonie hinne en skôget har as wie 't in moaie melkko*)

**IVO:** (*goedkeurend*) No begryp ik wêrom't dy mannen sa let thús wiene, moai hear!

**LEONIE:** Pardon?

**IVO:** Alder raarst! (*klaut him achter it ear, taksearret Leonie op 'e nij*) Ik bedoel... Ik soe ek wol es by dy op besite wolle, tsjonge noch ta sis! (*knypeaget nei har en jout har in lyts tikje op de kont*) Do begrypst my wol?

**LEONIE:** (*lilk*) Sis, wat tinkst wol net!

**WILMA:** (*op mei boadskiptas, se hat sjoen dat Ivo Leonie op de kont tikke*) Ivo!! Bist no hielendal gek wurden! Bied dy dame daliks dyn ekskús oan!

**IVO:** (*yn himsels*) Ik sjoch gjin dame.

**LEONIE:** Pardon?

**IVO:** Ik sei neat.

**WILMA:** Do kinst dy mar better ôfjaan, Ivo! (*tsjin Leonie*) Goeie.

**IVO:** (*feralterearre*) Ofjaan? Krekt no? Moatte jo net boadskipje (*tsjin Ewout en Fred*) en jim ha 't smoardrok mei de ûngetiid, is 't net sa? Oars is der om distiid noait ien op 't hiem, no ja útsein ik dan, fansels.

**WILMA:** Dat boadskipjen kin letter wol, mar do kinst moai even myn jas fan de stomerij helje, sjoch, hjir is it bontsjie. (*jout it*) Sa, no wy earst mar kofjedrinke soe 'k sizze. (*tsjin Leonie*) Komme jo foar myn soan?

**IVO:** (*rint stoersk op de doar ta, yn himsels*) Dit is net earlik. Komt der sa'n stoat op besite en dan wurd ik fuortstjoerd. (*ôf*)

**LEONIE:** Ik wol net steure, mar... (*sjocht nei Ewout en Fred*)

**FRED:** (*tsjin Leonie, wol har wol kwyd*) Sille wy even yn 't waar sjen? Kinne wy better meielkoar prate.

**EWOUT:** (*tsjin Wilma*) Ja, dan steure wy mem ek net en dan kinne jo yn alle rêst kofjedrinke.

**WILMA:** Sûnt wannear bisto sa attint? (*tsjin Leonie*) Do drinkst ek in bakje mei fansels? (*hellet kopkes*) De kofje is krekt klear, jou dy mar del. (*tsjin Ewout en Fred*) Jim ha my noch net iens mei har yn 'e kunde brocht!

**LEONIE:** Ik bin Leonie. Tige tank, in bakje kofje slaan ik net ôf.

**EWOUT:** Se hat it net oan tiid hear mem! En soene jo net te boadskipjen?

**WILMA:** Earst kofje! (*set kopkes op tafel, tsjin Ewout en Fred*) Gean doch sitten! Jim meie ek wol in bakje.

**EWOUT:** (*wifkjend*) Ik ha 't eins te drok.

**WILMA:** (*tsjin Leonie*) Wêr bisto mei myn soan en syn maat yn 'e kunde kommen?

**LEONIE:** Ik ha se justerjûn...

**EWOUT:** (*ûnderbrekt har, lûd*) Kom Fred, ik moat dy sjen litte wêr't alles stiet! (*tsjin Wilma*) Fred sil ús helpe mei de ûngetiid! (*Fred en Ewout hastich ôf*)

**LEONIE:** (*ropt harren achternei*) Wachtsje no Ewout! Ik woe allinne mar...

**WILMA:** (*fernuvere*) Wat dogge se nuver! Je soene hast tinke dat se wat te ferbergjen ha. (*tsjin Leonie*) Do kenst dy jonges sûnt juster?

**LEONIE:** Ja, se wiene yn "De Reade Swetser". Ik woe noch wat drinke en doe...

**WILMA:** Yn "De Reade Swetser"?? Is dat net sa'n... sa'n... saak... en do wiest dêr ek?

**LEONIE:** Krekt, ik wurkje dêr.

**WILMA:** (*feralterearre*) Oh!

**LEONIE:** (*laitsjend*) De measte minsken wurde kjel at se dat hearre. Gjin panyk, ik bin maatskiplik wurker. Ik fang famkes op dy't yn de

prostitúsje sitte.

**WILMA:** Aha! Wacht es, dêr moatst my es wat mear oer fertelle! Ynteressant! (*hellet de kofje op. Achter*) Dan binne Fred en Ewout dêr dus wol west! (*werom mei de kofjekanne en in gebakje, skinkt yn*) Eins soe Ewout noait út himsels nei soks ta gean en Fred ek net, mar se wiene der op út mei de kegelklup.

**LEONIE:** Ik wit it, ik ha se sjoen.

**WILMA:** Mar dat sa'n jong fanke as do yn sa'n saak wurkje moat!

**LEONIE:** Wy binne altyd mei ús twaen, boppedat, it is mar tydlik.

**WILMA:** Wat dogge jim dêr no krekt? (*set gebakje foar har del*) Do meist ek wol in stikje, tink?

**LEONIE:** Ja, hear, tige tank! Ik sei al, ik bin maatskiplik wurker. Hjoed-de-dei binne der hieltyd mear famkes, faak noch ûnder de achttjin, dy't fan hûs fuortrinne en yn de prostitúsje telâne komme.

**WILMA:** (*begien*) En dy bringsto dan werom?

**LEONIE:** Ja, fansels! Wy hawwe dit opset yn gearwurking mei de plysje. At de plysje fuortendaliks opdraven komt ha je faaks de kat yn de gerdinen, mar sa slagget it ús in soad fan dy famkes wer op it rjochte paad te krijen.

**WILMA:** Mar bist dan net bang foar de manlju dy't yn sa'n saak komme?

**LEONIE:** Wy kinne ús wol ferdigenje as it moat en alle froulju kenne ús.

**WILMA:** It liket my in ynteressant berop! Ik bewûnderje dy!

**EWOUT:** (*op mei Fred*) Se wit noch fan neat, oars siet se dêr net sa rêstich te kofjedrinken. (*tsjin Wilma*) Wy kamen krekt menear pastoar tsjin. Jo moatte daliks opdrave! It giet om in houlik, oare wike. Jo woene de tsjerke fersiere? Der is haast by blykber.

**WILMA:** (*hat net folle haast*) Tsja, dan moat ik doch mar ôfstekke. (*tsjin Leonie*) Wachtsje hjir mar even op my, ik bin der sa wer. (*oerein*)

**LEONIE:** (*wifket*) Ik wit net. Ik woe allinne mar de beurs fan Ewout werom bringe, dy hat er justerjûn ferlern. (*Ewout slacht himsels foar de kop*)

**WILMA:** (*tsjin Ewout*) Dêr hast neat oer sein. (*tsjin Leonie*) Wêr hast dy fûn?

**EWOUT:** (*hastich*) Mem! Jo moatte nei menear pastoar! Dy hat it net ivich oan tiid! (*triuwt har nei de doar*)

**WILMA:** Goed, oant aansen. (*ôf*)

**EWOUT:** (*ferromme*) Sa, no binne wy moai allinne.

**FRED:** (*krekt sa*) Sy hoecht net alles te witten, Leonie. At se der achter komt datsto yn "De Reade Swetser" wurkest, dan docht se grif net sa aardich mear tsjin dy.

**LEONIE:** Oh nee? Wat ha jim eins tsjin dy âld man sein? Hy die hiel frjemd.

**EWOUT:** Ivo? (*ferlegen*) Och neat.

**FRED:** *(ek sa)* Nee, nee, neat bysûnders.

**LEONIE:** Mar ik woe de beurs werom jaan, ik tocht, ik bring him even del.  
*Asjebleaft. (jout Ewout de beurs)*

**EWOUT:** Gelokkich! Ik ha my suf prakkesearre wêr't dat ding wêze koe.

**LEONIE:** Ik tocht ik bring him even, ik hie fanmiddei doch frij!

**FRED:** *(stekt)* Ha jim ek frije nachten?

**LEONIE:** En at dat sa wie?

**EWOUT:** *(hellet in briefke fan tsien út de beurs)* Wêr fine jo hjoed-de-dei noch earlike minsken!

**FRED:** Do silst al wat djipper ta de bûse moatte, jonge!

**LEONIE:** *(tsjin Ewout)* Nee, nee, lit mar.

**EWOUT:** *(leit in briefke fan fyftich op tafel)* Nim mar mei, Leonie, do bist hjir ek hielendal hinne riden.

**LEONIE:** No, tige tank dan mar.

**FRED:** Fertsjinje jim wol goed dêr yn "De Reade Swetser"?

**LEONIE:** *(lilk)* Poerbêst, sa'n baan ha 'k altyd ha wollen!

**EWOUT:** Harkje mar net tefolle nei Fred. Hy tocht earst datst in fatsoenlik berop hiest. *(yn de war)* Ik... eh... woe sizze... op kantoar of yn in winkel. Mar dat sil wol neat foar dy wêze tink? *(laket)*

**LEONIE:** *(rekke)* Nee, dat soe neat foar my wêze.

**EWOUT:** *(ferlegen stammerjend)* Ik... eh... woe allinne mar sizze... ik soe hielendal net by dy passe, do leefst fan de iene dei yn de oare.

**LEONIE:** Do dan net?

**FRED:** *(tsjin Leonie)* Is it dan sa frjemd om op in kantoar te wurkjen? It sil op de doer net tafalle manlju altyd slokjes yn te skinken en oan te setten ta...

**LEONIE:** Ta wat?

**FRED:** En atst skylk fiifensechtich bist, wat dan? Krijst dan wol pensjoen? In fatsoenlik berop soe gjin kwea kinne, is 't net sa?

**LEONIE:** *(stoot oerein en nei de doar)* No ha 'k myn nocht!

**FRED:** Ik bedoel der neat ferkeards mei hear! Earlik wier net! Ik hoopje mar dat it dy net yn it ferkearde kielsgat sjit. Yn de grûn bist in hiel aardich fanke. *(Wilma op)*

**EWOUT:** *(kjel)* Binne jo no al werom, mem?


**WILMA:** *(tsjin Leonie)* Silst fuort? Do soest my noch byprate oer dyn wurk.

**EWOUT:** *(moat hoastje. Tsjin Leonie)* Ik soe my no mar ôfjaan at ik dy wie.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**